

---

**SKRIFTELIKE FRAGEN (kêst 35 RvO)**

---

Fan	:	<i>Tsjerk Bouwhuis FNP</i>
Datum fan yntsjinjen	:	28-8-2020
Oan	:	It kolleezje fan boargemaster en wethâlders
Ûnderwerp	:	LC Artikel Sinneparkstop
Wize fan beântwurding	:	Skriftlik (binnen 30 dagen)
Datum tuskentiids antwurd (as it fan tapassing is)	:	n.f.t.
Datum beantwurding	:	22-9-2020

**Taljochting:**

De FNP fraksje is fernuvere oer de rol fan Súdwest-Fryslân yn it artikel yn de Ljouwerter krante fan 26 augustus "Zonneparkstop wekt wrevel gemeenten".

**It kolleezje wurdt fersocht de folgjende fragen te beantwurdzjen:**

1.	We lêze. <i>"De gemeenten Leeuwarden en Súdwest-Fryslân hebben hun kritiek nu verder uitgewerkt in brieven aan het Provinsjehûs"</i> . Kin de ried dizze brief ek ûntfange?
	<u>Antwurd:</u> Jawis, de brief is taheakke as bylage by dizze beântwurding.
2.	Súdwest-Fryslân is aanstons goed foar 65% fan duorsume enerzjy opwekking yn Fryslân. Wat is de reden dat Súdwest-Fryslân no wêr mei de finger omheech stiet om mear enerzjy op te wekken dan we al dogge?
	<u>Antwurd:</u> De reaksje fan it kolleezje wie rjochte op wat oars, nammentlik op in lykweardige gearwurking yn 'e RES foar gemeenten, de provinsje en it Wetterskip. De provinsje hat dêr mei harren oanpaste feroardering in soad fan ôfwykt. Wy fine dat soks de Fryske gearwurking ûndergraaft.
3.	Is it kolleezje it mei de FNP fraksje iens dat Súdwest-Fryslân har ferantwurdlikens no wol naam hat. En we net noch mear fan ús moaie lânskip opofferje moatte oan wyn- en sinneparken?
	<u>Antwurd:</u> It kolleezje set yn op 'e RES, sa't wy oanjûn hawwe yn it riedsútstel oer de ynwenersrieplichting en it boargerfoarumadvys. Dêr jouwe wy bygelyks yn oan dat wy alle moasjes fan 'e ried ek meinimme yn 'e ûnderhannelingen mei de regio. De behandeling fan it riedsútstel op 24 septimber is dêrom dé gelegenheid om it kolleezje nochris oanfolgjende saken mei te jaan.

**Tuskenantwurd (as it fan tapassing is):**

